

Shantykoar

op 'e wize fan "it 's five o' clock in the morning"

kearsang:

ik sjong as wie ik in seeman
oer skippen en stoarmen, de see as myn freon
ik sjong as wie ik in seeman
(mar) noait haw ik seewetter preaun

doe't seelju noch sylden doe hiene se't swier
ja, wrotten en wramen dat wie't
om 't wurk te ferlichtsjen en foar it fertier
songen se gauris in liet

dy tiid is foarby , en der klinkt hjoeddedei
gjin shanty-song mear oer it dek
kompjoeters en robots dy rêdde der mei
in seeman dy't sjongt stiet foar gek

dy gekte is oerslein nei de fêste wâl
de boargerman spat der no foar
en fier fan de see, ja it liket wol mâl
klinkt yn elk doarpke in shantykoar

ik tocht altyd: shanties dat is neat foar my
ik wurkje dochs net op in boat
sa'n koar fan matroazen dêr hear ik net by
dan lykje ik wol hast idioat

mar dy wizen dy hast yn 'e holle, jawier
dy lizze sa goed yn't gehoar
dus foardat ik 't troch ha dan is't al sa fier
en sjong ik hjir mei mei jim koar:

© Doede Veeman